

# Leafde en drama yn Bretagne

FD 5-5-'7

troch Jaap Krol

Yme Henstra is mei auto en karavan op wei nei Bretagne. Op in kamping earne yn in lyts plakje is it atelier fan keramyste Vera, in weirekke frou, dêr't er nei syn skieding in jierrenlange relaasje mei hân hat. In geweldige relaasje - al ferburch Vera wol in geheim. Fan Reinou hat Yme brieven en notysjes krigen, opskreaun troch Vera sels. Reinou is de eigner fan de kamping en wie har bêste freondinne. Tsjin it dekor fan it Bretonske lânskip jout Vera fia lange epistels, dy't lêze wurde moatte as monologen, har geheimen priis oan Yme. Hy lêst se yn de auto, oan it strân, op 'e rots, yn de karavan. Dizze skreau-

ne boarnen drage eins it ferhaal. As Vera praat, krijt it syn dramatyske lading. En dramatysk is it, net allinnich om har troch sykte tekene ôfkomst.

Ien fan de haadpersoan út de notysjes is Philippe, in Frânsman, dy't lang lyn in koarte simmerrelaasje mei Vera hân hat. De fertrietlike rin fan har libben is eins in optelsom fan it tragyske barren mei Philippe en spitige beaaldheid.

Yme sit dan ek fol fertriet. Tagedyk kin er net ûntkenne dat er Reinou wol oantreklik fynt. Sa doalt er mei de karavan troch Bretagne, prakkesearjend oer syn bern, syn eks-frou, syn wurk en syn froulju, op syk nei it plak dêr't Vera har fan it libben benommen hat.

Heaks op de stimleaze brieven fan Vera stiet de roppige gsm, Yme syn kommunikaasjemiddel mei syn bern. Uteinlik sil er dan ek wer nei hûs, om't de rop fan syn famylje grut is. It libben giet fierder, liket skriuwster Doete Venema sizze te wollen.

It falt eins net ta om in miening te jaan oer Venema's tredde roman. Ik moat sizze dat ik it ferhaal oangripend, hast benearjend fûn. De tiidseffekten wurkje goed, foaral de jonge Vera oertsjûge my. Ik ha it boek dan ek faak derby pakt om wer fierder te lêzen.

It lân van Vera is ek in reisgids. Dat hat wierskynlik net de bedoeling fan Venema west, mar ik hie nei al dy lekkere gerjochten en lânskippen wol nocht om wer ris

nei Bretagne te gean en it paad fan it ferhaal te folgjen.

Hjir foaroer lykwols stiet Venema's behâldende proaza, dat in protte giet oer details en him wiidweidich dwaande hâldt mei alle gear prakkesaasjes. Dizze details en prakkesaasjes hawwe net altyd in funksje. Se ferfrijemdzje net, it binne faak oerstallige yllustraasjes fan Yme's wrâld, soms op it klisjeemjittige ôf. Hjir komt by dat ik de dialooch wolris miste, krekt op it momint dat ik der op rekkene. Dit stiet Yme as personaazje úteinlik yn it paad. Hy bliuwt in prakkesearder, dy't nooit in kar makket en sa net genôch út de farve komt. "Toe no even Yme!", tocht ik wolris as er ôfjoech op 'de kommersje' of him skamme om in mislearre tút.

Eins komt dit troch it folgjende. Yme, Reinou, Vera, ja, alle oaren, binne sa allemachtich ûnskuldich. Folwoeksenen binne nooit ûnskuldich, dat heart in personaazje fan himsels te witten of oars mei te dielen oan in lêzer. Allinnich Philippe is in minne hûn - mar dy seit yn it hiele ferhaal net ien wurd. Venema bliuwt tefolle hingjen yn dit strakke skema. Je hoege net elke kear in gruts en meislepend ferhaal te fertellen; fan 'e oare kant hoege je ek net altyd op te hâlden by de deistige grins. It lân fan Vera is in oangripend ferhaal, mar Venema's wat stive proaza hellet tagelyk de angel der tefolle út.

*It lân fan Vera, Doete Venema, Friese Pers Boekerij, 2007, 15 euro.*